

Bijlage HAVO

2013

tijdvak 1

Fries

Tekstboekje

Sosjale media yn Fryslân as generaasje probleem

(1) Yn de simmer fan 1995 skreaunen de kranten oer in nije foarm fan kommunikaasje tusken kompjûters: it ynternet. Yn Amearika like it al geweldich populêr te wêzen. As haad fan in gemeentlike kulturele ynstelling seach ik mooglikheden. Dy ynstelling wie fierstente min bekend en hie in prachtige kolleksje dy't nijsgjirrich wie foar minsken yn it hiele lân en sels yn it bûtenlân. Soene wy net mei ynternet ...?

(2) Mar ja, hoe moast soks? Us meiwurkers wiene safier noch net en wa soe dat betelje? Mei it haad fan de ôfdieling automatisearring teach ik nei in sympoasium oer ynternet, spesjaal foar de kulturele sektor. It nije medium hie my al gau yn 'e besnijing. Mar op de weromreis fan it sympoasium die bliken dat ús ICT-man dêr folslein oars ûnder stie. Hy hie al safolle hypes en mislearringen op ICT-gebiet meimakke, dêr hearde it ynternet grif ek by. No even populêr, mar oer in pear jier koe dy moade ek wer op de dongbult fan de skiednis.

(3) It ôfrûne jier ha ik regelmjittich oan 1995 weromtocht. Op dit stuit is in nije revolúsje yn ús digitale kommunikaasje geande, dy't fergelykber is mei de opkomst fan ynternet. De aktuele revolúsje ûntstiet troch in nije, machtige kombinaasje fan hardware en software: de smartphone mei de saneamde sosjale media lykas Facebook, Twitter, Hyves, LinkedIn en Flickr.

(4) It aparte fan dy nije ûntwikkeling is dat de ôfsûnderlike eleminten net hiel nij binne. 'Tûke' telefoans binne

der al in skoftsje. Hyves en Facebook besteane ek al in jiermannich. Mar troch it grutskalich oanlizzen fan bettere netwurken kinne no alle sosjale media oeral brûkt wurde en dat hat fan de moderne minske in wêzen makke dat oeral en altyd online wêze kin. De ûntwikkeling fan smartphones en sosjale media jeie elkoar op yn in hieltyd heger tempo. Wy kinne it sjen oan de faasje dêr't Twitter mei groeid is yn de ôfrûne trije jier en oan de spektakulêre groei fan de ferkeap fan smartphones as de BlackBerry en de iPhone fan Apple.

(5) It docht gjin nij dat de sosjale media benammen omearme wurde troch de generaasje dy't opgroeid is mei ynternet, rûchwei elkenien jonger as 35 jier. De kategory 35-65 hat de grutte feroaring meimakke dy't de yntroduksje fan ynternet feroarsake, mar kin him meastentiids ek noch in wrâld foarstelle sûnder al dat nijs. De skepsis fan in part fan dy groep oer sosjale media lit in opfallende parallel sjen mei de reaksjes fan deselde leeftydsgroep by de opkomst fan ynternet. Hjirûnder behannelje ik in oantal fan harren beswieren.

(6) It earste beswier is dat Twitter en de oare sosjale media triviaal binne. Dy hawwe gjin ynhâld en it is ferdive-daasje sûnder doel. De minsken dy't dat beswier hawwe, sjogge it ynternet foaral as in grutte database, dêr'tst allerhanne ynformaasje út helje kinst. It is harren ûntkaam dat de digitalisearring ûnderwilens in nij stadium berikt hat, wêrby't net mear ynformaasje, mar kommunikaasje yn

85 kombinaasje mei ynformaasje sin-
traal stiet. Twitter en Facebook binne
yn it foarste plak nije foarmen fan
kommunikaasje tusken minsken.

As sadanich moatte se dan ek beoar-
90 dield wurde, en net op harren ynfor-
maasjewearde.

(7) It twadde beswier is dat gewoan
sosjaal ferkear skea hawwe soe fan
sosjale media. Sosjale media wurde
95 hieltyd mear yntegrearre yn it ge-
woane sosjale ferkear. Facebook en
Twitter wurde in protte brûkt om
reklame te meitsjen foar grutte
eveneminten en lytse 'tweetups',
100 dêr't minsken elkoar massaal of yn
lytse groepen moetsje. Kontakten fia
nije sosjale media en fia gewoan
sosjaal ferkear hawwe oer it generaal
deselde útdagingen en kânsen,
105 problemen en ferrassingen, mooglik-
heden en teloarstellingen. Neffens in
resint ûndersyk fan Exact Target
binne sawol de brûkers fan Facebook
as dy fan Twitter sosjaler (yn de be-
110 tsjutting dat se faker freonen opsykje
of moetsje) as foardat se dy sosjale
media brûkten.

(8) Neffens it tredde beswier binne
sosjale media in elitêr ferskynsel foar
115 de 'happy few'; se fergrutsje de kleau
tusken gewoane minsken en de foar-
útridders. By de yntroduksje fan alle
technologyske fernijingen is yn it
begjin mar in lytse groep entûsjast.

120 It bysûndere fan de nijste ûntwikke-
lingen is no krekt dat de akseptasje
troch brede groepen yn de befolking
hieltyd hurder giet. It argumint dat
sosjale media elitêr binne, kin ien-
125 fâldich omdraaid wurde. In hieltyd
gruttere groep praat fia de sosjale
media oer fan alles en noch wat mei.
Oft it resultaat fan dy iepenbiere dis-
kusje der perfoarst better fan wurdt,
130 dat is in fraach dy't ik hjir net
beânderje sil. Nije media kinne, krekt

as âlde, sawol foar goede as minne
doelen brûkt wurde.

(9) It fjirde en lêste beswier wiist op it
135 paranoia-argumint: in dreech te
omskriuwen gefoel dat wy net witte
wat der mei al dy ynformaasje yn
cyberspace bart en wat der troch
oaren mei dien wurdt. Wy soene de
140 kontrôle oer ús eigen kommunikaasje
loslitte. Dat rekket ek de privacy, net
sasear út in prinsipiële perspektyf
mar wol út eigenbelang wei. Dat de
privacy fan brûkers maklik skeind
145 wurde kin troch de sosjale media, is
fansels wier. Sosjale media binne
prachtige marketing tools, dy't foar-
men fan direct marketing mooglik
meitsje, dêr't men eartiids allinnich
150 mar fan dreame koe. Wa't op Twitter
of op Facebook hieltyd oer fytsen
praat, moat net raar opsjen as er
njonken syn berjochten advertinsjes
fan Halfords of Batavus tsjinkomt. It
155 skeinen fan privacy is lykwols gjin
natuerferskynsel. De konsumint hat
op de measte sosjale media in grut
oantal mooglikheden om de iepen-
bierens fan gegevens sterk te
160 beheinen. It stiet bygelyks by media
as Flickr, YouTube en Facebook
elkenien frij om sa'n medium allinnich
te brûken foar freonen en famylje.

(10) De sosjale media yn Fryslân
165 binne benammen by de oerheid noch
net sa populêr. It oantal bestjoerders
dat aktyf is op Twitter, is lyts.
Gemeenten en provinsje ferkenne
hiel foarsichtich it nije terrein. Ien
170 gemeente wol sosjale media yn-
skeakelje by it meitsjen fan in sport-
nota en in flink oantal gemeenten set
ferwizingen nei parseberjochten op
Twitter. De provinsje wol sosjale
175 media brûke by it projekt Kulturele
Haadstêd en rûnom wurdt neitocht
oer wat der fierder mooglik is. Oan
de website fan de provinsje sels is

lykwols noch net te sjen dat se dêr
180 ea fan de nije media heard hawwe.
Fryslân rint bepaald net foarop. De
Fryske oerheid rint yn alle gefallen
fier achter by de eigen befolking.
Soe dat wat te krijen hawwe mei it
185 feit dat de gemiddelde leeftyd fan de
bestjoerders en amtners fier boppe
de 40 is?
(11) De plysje liket by de oerheid it
goede foarbyld te jaan. Yn Noard-
190 east-Fryslân binne alle buertplysjes
sûnt novimber 2010 aktyf op Twitter.
Se twitterje oer harren wurk en hâlde
sa in hiel protte folgers op 'e hichte
fan harren wurk. De plysje hat ek al
195 op grutte skaal ûnderfining opdien
mei it suksesfolle Burgernet, in
digitale tsjinst wêrby't ek de befolking
ynskeakele wurdt by opspoarings-
saken. It is de plysje ek, dy't in app
200 makke hat foar de iPhone, dy't direkt
op basis fan GPS it paad wiist nei it

plysgeburo dat it tichtstby is, dêr'tst
needopropen mei dwaan kinst en in
read-wyt alarmljocht mei ynskeakelje
205 kinst.
(12) Dat de Fryske oerheid net akti-
ver is op dit mêd, sil grif te krijen
hawwe mei it boppeneamde
generaasje probleem. Om koart te
210 kriemen: te folle bestjoerders binne
te âld om goed omgean te kinnen
mei it fûnemintele karakter fan de
feroaringsen. By alle rop om ynno-
vaasje en fernijing yn Fryslân lykje de
215 sosjale media somtiden oer de holle
sjoen te wurden. En dat wylst sosjale
media no krekt brûkt wurde kinne om
ek de jongerein by bestjoer en polityk
te beheljen op in wize dy't by harren
220 'lifestyle' past. Hawar, de kânsen
binne der om te gripen. De nije wrâld
is krekt begûn en foar in fernijend
Fryslân is it nea te let.

nei: Jan Folkerts yn De Moanne nûmer 1, jannewaris 2011

Tekst 2

Dêr giet de paprika

(1) Paprika's út Fryslân? Lekker, mar
op de lange termyn hat de provinsje
der neat oan, fynt 'feroarings-
manager' Klaas Sietze Spoelstra út
5 Terbant. Dy kassen moatte fuort. Dy
bedjerre it Fryske lânskip. It iennich-
ste dat fan him mei, is de oanlis fan
sinnepanielen. Net-brûkte bedriuwe-
terreinen yn Fryslân moatte folset
10 wurde mei sinnepanielen. Der bliuwt
nei 2020 genôch grûn braak lizzen
om it stroomferbrûk fan de hiele pro-
vinsje ôf te dekken.
(2) Spoelstra is oprjochter en eigner
15 fan organisaasjeburo *Nij sicht* yn

Terbant. Syn takomstbyld fan in
miljeufreonlik Fryslân past op ien A4
mei as titel *Station Fryslân: van
bedrijvenpark naar Solarpark*. Dêr is
20 neffens in rûge skatting 300 hektare
foar nedich, wylst troch it al earder
ferwachte ôfnimmen fan de befol-
kingsgroei goed 600 hektare oan net-
brûkte bedriuweterreinen lizzen
25 bliuwt.
(3) Ek as der al wat oars mei de be-
driuwingsgrûn bart – troch der bygelyks
wer in fraai lânskip fan te meitsjen –
sjocht Spoelstra noch genôch moog-
30 likheden om Fryslân allinne fan de

sinne libje te litten. De provinsje hat earder in subsydzjeregeling optúgd foar it opknappen fan dakken fan pleatsen. Sa'n regeling moat der ek komme foar wa't sinnepanielen op it dak fan syn hûs of bedriuw sette wol, fynt Spoelstra.

(4) Fan de kant fan it Ryk kinne sinnepanieloanbidders al wat jild yn 'e mjitte sjen, mar dêr kin mei gemak noch in skepke boppe-op, neffens de Terbantster. Wêrom soe de provinsjale oerheid wol tsientallen miljoenen euro's útlûke foar in nij Thialf en net foar sinnepanielen? It jild kin komme út de ferkeap fan de oandielen fan enerzjymaatskippij Nuon. Sa kinne de boargers op enerzjymêd profitearje fan it Nuon-kapitaal, dat sy úteinliks sels mei opboud hawwe.

(5) No binne der wol faker lju mei enerzjy-ideeën of plannen dêr't it Nuon-jild oan út te jaan is. Mar Spoelstra giet der aktyf de boer mei op en set se yn in grutter perspektyf. Dat bredere ramt is ûndertusken besprutsen mei oare tinkers en ek mei kommissaris fan de Keninginne John Jorritsma.

(6) Foar 2018 stiet yn Fryslân hiel wat op priemmen. Spoelstra en de oare tinkers wolle dat jier optimaal brûke troch alle aktiviteiten mei inoar te ferbinen: Fryslân as Kulturele Haadstêd fan Europa, de Waadsee as meast bysûndere natoergebiet fan Europa, de Súdwesthoeke op de Werelderfgoedlijst en Wetsus as wichtichste wetterkennissintrum fan de wrâld.

(7) As Fryslân yn 2018 klear is as folslein duorsume provinsje, dan soene de sinnepanielen der lizze moatte.

75 Spoelstra: "In moaie gedachte: wy kinne dan de elektrisiteitskabels trochknippe. It hoecht trouwens net iens perfoarst mei sinnepanielen, mar it mei ek mei enerzjyopwekking yn de Ofslútdyk of op oare miljeubewuste manieren."

(8) Mei dit soarte fan positive, miljeufreonlike ideeën kin Fryslân as oantreklik wengebiet noch better op de kaart set wurde. Dat lêste is in ekonomyske pylder dêr't de provinsje better gebrûk fan meitsje moat, fynt Spoelstra.

(9) Minsken kinne hieltyd faker kieze wêr't se wenje wolle, omdat se thús ynlogge kinne op it kompjûternetwurk fan harren bedriuw. Spoelstra is der sels in foarbyld fan. Hy hat sa'n tweintich jier bûten de provinsje wenne, betsjinnet noch hieltyd klanten fierderop yn it lân, mar kin it him troch kompjûtertechniken permittearje om op in pleatske yn Terbant te wenjen. De technology sil thús-wurkjen de kommende jierren allinne mar ienfâldiger meitsje en de komst fan 'nije Friezen' befoarderje. Dêr hast hielendal gjin nije, flugge Suderseeline tusken it Noarden en de Rânestêd foar nedich. Yn it plak dêrfan leit der al in elektroanyske sneldyk.

(10) Mar heechwaardige thús wurkers kinst net oerhelje mei in fersutere wenomjouwing. En dus moat de provinsje der alles oan dwaan om derfoar te soargjen dat Fryslân as wengebiet sa oantreklik mooglik is. Dêr passe neffens Spoelstra gjin ûntsierende kassen of noch mear bedriuweterreinen by. "Dêr krije wy oer tsien jier spyt fan. Fryslân hat mear te bieden as paprika's."

nei: Marcel de Jong yn de Leeuwarder Courant, 14 febrewaris 2009

Fytsspoare?

(1) Fyts en trein binne myn favorite ferfiermiddels. It moaiste is wannear't ik twatsjiller en spoar kombinearje kin, bygelyks yn Berlyn. Dêr fyts ik op 5 in heldere dei in stik fan de tige nijsgjirrige Mauerrundweg. As ik myn nocht ha, dûk ik, fyts ûnder de earm, in metrostasjon yn. Net ien dy't der nuver fan opsjocht. Of ik reizgje op 10 myn hiergazelle by de Donau lâns, bliuw te lang hingjen yn it eardere kamp Mauthausen en lis dan oeren achter op it skema. Yn Eastenryk nooit in probleem. Ik ferlis myn koers 15 nei it stasjonsje fan it doarp. De trein is op 'e tiid. Yn in spesjale wagon sitte allerhanne foarsjennings foar myn fyts en noch wol fjirtich oare eksimplaren: stangen, elastiken mei 20 heakken om it spul fêst te setten, neam mar op. En net djoer.

(2) Besykje dat ris yn ús eigen kontreien, yn Nederlân, it fytslân by útstek. Wat in krapte, wat in behel- 25 pen, wat in folle boel. Simmerdeis stean ik suver wat benaud mei myn trou ferfiermiddel op it perron. Is der noch wol genôch romte? Hoe soe it sin wêze fan de kondukteur? It wurdt 30 hast in geunst. Gjin inkeld treintype yn ús altyd priizge fytsparadys is derop berekkene dat minsken iepenbier ferfier en fyts kombinearje. Om fan al dy moaie leechdrompelige 35 bussen mar te swijen. Ik sjoch it al jierren skodholjend oan. Fernuverje my deroer dat fytslobbygroepen en miljeubewuste politike partijen – dy't

der trouwens hieltyd minder binne – 40 net faker en lûder by spoarwegen en provinsjes op de tromme slaan. Wol altyd de mûle yn beide hannen hawwe oer lytsskalich en natuerfreonlik toerisme, mar dizze grutte 45 kâns wurdt al desennia lang neat mei dien.

(3) Nee, dan hat de splinternije FStM, de Friese Stoomtrein Maatschappij, it better foar 't ferstân. Dy wol begjinne 50 mei in fêste tsjinst tusken Snits en Starum v.v. By it oankochte materieel sit ek in bagaazjewein dêr't in hiele fracht fytsen yn past; foar in prikje kin jo traapapparaat mei. Faaks dat de 55 ferantwurdlike provinsjale bestjoerders en harren folslein profylleaze, groanysk ja-knikkende achterban yn de Provinsjale Steaten dêrtroch krekt ris wat fierder tinke sille as de 60 deistige asfalt- en betongebeden. En dat ek NS en Arriva, behalve rúzjemeitsje oer koartingskaarten, sa stadichoan in fytsfreonliker belied opsette. Harren foarljochters en 65 tekstkriuwers produsearje it hiele jier troch kilo's rikjend glimproaza om it reizgersfolkje te oertsjûgjen fan alle foarútgong. Mar ja, managers en soksoarte folk fytse net; sitte trouwens 70 ek nooit yn eigen treinen, lit stean dat se it kombinearje. Se jakkerje yn Audi, BMW of oare enerzjyfrettende dikke bakken yn ien kear troch nei Súd-Frankryk.

75 (4) Dizze reizger lykwols set troch. Mei fyts.

nei: Douwe Kootstra yn It Fryske Gea, maitidsnûmer 2011

De teksten die voor dit examen gebruikt zijn, zijn bewerkt om ze geschikt te maken voor het examen. Dit is gebeurd met respect voor de opvattingen van de auteur(s). Wie kennis wil nemen van de oorspronkelijke tekst(en), raadplege de vermelde bronnen. Het College voor Examens is verantwoordelijk voor vorm en inhoud van dit examen.